

Ynlieding Krúspuntdei 2019

Kristlik Fryslân beskikt hjoeddedei oer in skat fan trije lietebondels

1. De oersetting fan it nije Lieteboek,
2. De bondel Hertslach en
3. De krúspuntbondel 'Lieten fan leauwe en langstme'.

It grutste gefaar is no dat dy skat opburgen wurdt op sa'n plakje, wer't gjinien komt. Dat der mei dy skat net folle mear dien dien wurdt. Sa soe it ek mei dizze trije bondels gean kinne. Aardich foar de Friezen en de rest fan Nederlân kin derom gnyskje.

Mar, minsken, it giet net om aardich. It giet derom dat it evangeelje ús rekket. En wol it ús yn ús djipste fielen reitsje, dan sil dat yn ús memmetaal, yn it Frysk, wêze moatte. Rekke wurde troch it evangeelje fan Jezus Kristus betsjut minstens (sjoch Matteüs 23: 23) dat wy

1. tsjin alle feiten yn hope hâlde op, wurkje oan frede en rjocht.
2. dat wy begjin bliuwe mei it leed fan oare minsken, ek as it ús net sa goed útkomt.
3. dat wy de moed ha betrouber te bliuwen, ek as oaren dat net binne.

Dat ferget in feroaring fan ús karakter. En de koade fan dat karakter is skreaun yn ús memmetaal en yn in taal dy't djipper leit: de taal fan de muzyk.

It earste liet yn de bondel Lieten fan Leauwe en Langstme seit it moai:

Der is in stim dy't neiklinkt yn myn earen
Der is in wurd dat libbet djip yn my
Der is in boek om my it paad te learen
Mar boppe alles út klinkt in meldij

Ik hoopje dat wy dat hjir hjoed ek sa ûnderfine kinne. Wy sille hjoed in protte heare en in protte sjonge. En derby krije alle bondels, dy't elkoar oanfolje har gerak.

Ik bin och sa bliid dat grutte bydraggers oan Kristlik Fryske lieten hjir hjoed meidogge:

1. Bop Pruiksma sil ús priuw litte oan de mooglikheden fan it lieteboek.
2. Hindrik van der Meer kin sa prachtich fertelle oer lieten út de bondel Hertslach, dat wy der better fan begjinne te sjongen.
3. David de Jong sil fertelle oer lieten en teksten út de krúspuntbondel en ús sjonge litte.

Fierders wurkje twa froulju mei oan dizze dei om ús op wei te helpen by it brûken fan dizze bondel

1. Tryntsje van der Veer, lid fan it Kwartettekoar en foarsitter fan de Fryske Skriuwersbûn
2. Dûmny Tytsje Hibma, belutsen by it Nijkleaster, dy't al hiel wat Friezen op paad holpen hat.

Minsken, ik ha der sin oan en ik hoopje jimme ek.

Sipke Huismans